



Ferslach fan de  
jiergearkomste op  
woansdei 19 april 2023

1. Hessel iepent de gearkomste: Wolkom oan de leden en oan it oanwêzige persoan: Leo Boermans (Utfearfersoarger) en Gerrit Faber (Grêfdoller)  
Foar dizze kear sitte wy yn de kantine fan de Tennisferiening om't it Reade Hynder ferkocht is en yn in ferbouwing sit. De kantine is ek in mooi plak foar ús gearkomste. Der binne gjin ôfmeldings foar dizze gearkomste.

Yn 2022 binne der 11 leden ferstoarn. De nammen wurde neamt en we binne in menút stil om harren te betinken.

Wylst de oanwêzigenslist roun giet fertelt Hessel oer "De Tiid" yn Boalsert. Dêr leit fanalles opsein oer it ferline. Hij fertelt in tal anekdotes fan eartiids. Sa wie it ledental op de gearkomste aardich mear as no: mooglik omt de sigaren op tafel stiene en mannich ien by it fuortgean in sigaar yn de bûse stuts. De kontribusje waard nei draachkrêft fêststeld troch it besjoer en der wie in list fan wa't wanneer foar de koeke soargje mocht: sa kamen alle ûndernimmers oan bar.

2. Ferslach fan de jiergearkomste op 28-03-2022  
It ferslach wurdt foarlêzen en der binne gjin fragen as op- en oanmerkings. It ferslach wurdt fêststeld en ûndertekene troch it bestjoer.
3. Jierferslach 2022  
Ek dit wurdt foarlêzen en fêststeld
4. Ynkommen stikken: dy binne der net foar dizze gearkomste
5. Finânsjes:  
Klaas dielt de stikken út: de balâns en de exploitaasje rekken. Hy jout in dúdlike útliz en sadwaende komme der gjin fragen oer de stikken.  
Hy fertelt oer de aktuariële rapportage. Dizze rapportage wurdt elke 3 jier opmakken en jout sicht op wat de feriening útbetelje kinne moat oan de leden. It kin sjoen wurde as in skuld oan de leden. It eigen vermogen fan de feriening moat helle wurde út de kontribusje fan de leden. By punt 6 gean we der djipper op yn.

Kaskommisje: dizze kear ha Detz Palsma en Siebe Greidanus de boeken besjoen en mei Klaas de hiele finansjele administraasje trochroun. Sa as altyd binne sy tige te

sprekken oer de wize werop Klaas alles fêstlein hat en ferantwurdzje kin. Sy ha it nedige akkoard tekene.

Nije kaskommisje: Siebe Greidanus en Cor Valkema

#### 6. Actuariële Rapportage

Yn 1996 ha wy ús earste rapport opstelle litten. It wurdt fanút de Federaasje ferplichte om dit om de 3 jier te dwaen. Op dit stuit is ús dekkingspersintage 102% en dat leit krekt ûnder de noarm. It moat eins 105% wêze. Foar de berekking fan dit dekkingspersintage is de rekkenrinte fan belang en dizze is de lêste jierren nochal wat sakke. De federaasje hat in list opmakke (anonimiseare) fan alle ferieningen en dan blykt dat der in tal binne dy't te leech sitte. Sy krije stjoering fanút de federaasje. Ek binne der ferieningen dy't folle heger sitte en dat is ek net soun.

Klaas hat advys frege: as wy de kontribuusje mei in euro omheech dogge dan sit de feriening wer op 105%.

#### 7. Fêststellen ledebydrage en ledekoarting oer 2024:

Us ledekoarting is op dit stuit € 1200,= Is dit heech genôch? We wolle it leafst op 1/3 fan de kosten fan in útfeart sitte. De kosten binne gemiddeld sa'n € 6500,= en dêr komme we net oan ta. Om dit te ferheegjen soe de ledebijdrage flink om heech moatte (om de dekkingsgraad op oarder te hâlden). We beslúte om dit dochs neffens ús eigen raster te dwaen.

It foarstel is om de ledebydrage mei € 1,= te ferheechjen en de ledekoarting op € 1200,= te hâlden. Dêrmei komme we yn de AR op 105% (by gelikense situaasje as no op dit momint).

Dit foarstel wurdt troch de gearkomste oannaem.

#### 8. Bestjoersferkiezing: Hessel treedt ôf as foarsitter nei 31 jier. We ha noch net op syk west nei in nije foarsitter.

Klaas sprekt him in tankwurd ta fanút it bestjoer en de leden. De jierrenlange goeie gearwurking mei in hecht bestjoer. De measte bestjoersleden sitte foar langere tiid yn dit bestjoer. As foarsitter wurdt der ferwachte dat jin allround binne en stjoering jouwe oan it bestjoer en dat hat Hessel altyd mei in protte ynset dien. As bestjoer fine we it dan ek tige de muoite wurdich om Hessel te beneamen as EREFOARSITTER. Dizze ear krijt hast nimmen. Dizze bysûndere fertjinste besjut dat Hessel foarsitter bliuwt sûnder ferplichtings en frijsteld is fan kontribuusje.

Hessel seit tank oan it bestjoer en de leden. Hy hallet noch in tal anekdotes op oer al de jierren as foarsitter. Hy oerhandicht de foarsittershammer oan it bestjoer.

#### 9. Meidielings:

- It personeel wurdt betanke foar harren ynset.
- Pand fan earder Faber útfeart oan de Walperterwei is ferkocht. Dêrmei is der gjin opbaerronte mear yn Wommels en moatte we útwike nie Snits (Talithakoem) of nei Bloemkamp.
- Federaasje wol rjochtsje op ferbyning en in trochstart meitsje mei de klusterfoarming.

- De Tiid: dêr leit it gemeentelik archief yn 5 boeken. Oant 1992 lizze alle ledegearkomsten fêst. Dêrnei is alles digitaal en dit kin de Tiid noch net opslaen. Der binne (noch) gjin kosten foar it opslaen.
- Webside is bywurke
- Bûtenleden kinne harren emailadres trochjaen

10. Omfreesjen:

Leo Boermans:

- Bedriuw hiet no Boermans en de Vries (Heslinga is no út it bedriuw)
- Erica Schols is no rom in jier by Boermans en de Vries oan it wurk en dat befalt fan beide kanten tige goed

Fierder gjin fragen.

11. Om 21.19 slúte we de gearkomst en sitte noch efkes nei

April 2023

Baukje Hemrica

***Ondergetekenden***, bestuursleden van de Uitvaartvereniging "De Laatste Eer", verklaren dat het jaarverslag een juiste en volledige weergave geeft aangaande de gang van zaken en het gevoerde beleid.

Johan Wagenaar, voorzitter

Baukje Hemrica, secretaris

Klaas Eisma, penningmeester

Tjeerd Bosma, lid

Ingrid Weijer-Abma